

FRYSKE AKADEMY

PARSEBERJOCHT

Ljouwert, 12 jannewaris 2011

Symposium ‘Watersport in Nederland; geschiedenis van een Nederlandse uitvinding’

‘Watersport in Nederland. Geschiedenis van een Nederlandse uitvinding’ is de titel van it symposium dat de Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy op freed 28 jannewaris 2011 organisearret. Fan 13.45 - 17.00 oere stiet de lange wettersporttradysje fan ús lân sintraal yn in fjouwertal lêzings yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint oan de Doelestrjitte te Ljouwert. De fiertaal fan it symposium is Nederlânsk.

Fan ferfier nei ferdivedaasje

Nei 1600 begûnen Amsterdamske keaplju mei it bouwen fan skipkes dy’t allinne mar geskikt wiene om der foar de ferdivedaasje mei te farren. Dat wie nij, want oan’t dy tiid wiene skippen yn it foarste plak foar ferfier, fiskerij of oarloch. Yn de 19de ieu kamen de wettersportferienings op en groeide it wedstriidsilen út ta in offisjele sport. De wettersport waard folle massaler yn de 20ste ieu. Op dit stuit is it in wichtige yndustry wurden dêr’t in soad jild yn omgiet.

Deifoarsitter fan it symposium is Hugo Snoekc, foarsitter fan it Watersportverbond. Deputearre Jannewietske de Vries giet yn op de betsjutting fan de wettersport foar Fryslân. Publisist/ûndersiker Eerde Beulakker hâldt de lêzing ‘Iedereen het water op! Hoe pleziervaren massarecreatie werd’. Elisabeth Spits, konservator fan it Nederlands Scheepvaartmuseum yn Amsterdam, giet yn op hûndert jier jachtbou yn Nederlân. Nei it skoft komt Geert Dijks oan it wurd. Dijks, dy’t haad branchebelangen fan de Hiswa is, sil it hawwe oer ‘De Nederlandse watersportindustrie, kansen en bedreigingen van een sector’. De lêste lêzing fan it symposium wurdt holden troch de direkteur fan de Marrekrite, Jack van den Berg. Syn lêzing hat as titel: ‘Watersportparadijs Fryslân, het werk van de Marrekrite’.

Opjefte

Wa’t dit fergees tagonklike symposium meimeitsje wol, is fan herten wolkom. Opjefte yn it foar is lykwols wol needsaaklik. Dat kin oant 22 jannewaris 2011 by Gelbrich Haringsma, e-mail: gharingsma@fryske-akademy.nl

//

Taheakke: foto út de kolleksje fan Tresoar

Noat foar de redaksje, net foar publikaasje:

Foar neiere ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Mettje de Vries, Kommúnikaasjemeiwurker
Fryske Akademy, T 058 - 234 30 66, E mdevries@fryske-akademy.nl

Fryske Akademy
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

T 058 - 213 14 14
E fa@fryske-akademy.nl
W www.fryske-akademy.nl